



# Âld Barradiel

Jaargang 10 | februari 2012

ISSN: 2211-3339

## FAN EIGEN HIEM

Dêr hawwe jo it gedonder al yn de glêzen. In brief fan de boargemaster fan de gemeente Frjentsjeradiel op 'e matte nei oanlieding fan it desimbernûmmer fan Ald Barradiel. Dêr stie ûnder it kopke Bestuurlijk: *'Boargemaster frou Veenstra fan de gemeente Frjentsjeradiel wie ek bliid dat it nou safier wie dat de bunker . . . .'* Mis fansels, in dikke flater wer't de foarsitter de siktaris fuortendaliks op wezen hie dat hy dat net sa skreun hie.

No it is sa, de foarsitter kin mar min mei in kompjûter omgean, dat hat er jimme wolris faker sein. Hy skriuwt syn ferhaal mei de pen op en lit it ien fan syn soanen ynskane en fia email fertsjoere nei de siktaris. Dat is dan betiden min te lêzen, mar hawar, de siktaris miende te witten wat der stie. Net dus!

De boargemaster Fred Veenstra skriuwt yn syn brief dat it oan de eachen lizze kin fan de foarsitter, want dy stie neist him mei de iepening fan de bunker, as it lei oan se Fryske Stavering fan de kompjûter fan de foarsitter. Mar it hie dus in oare oarsaak.

Yn in brief oan boargemaster Fred Veenstra hawwe wy ús oprjochte ekskús oanbean.

Wy hoopje fansels net dat dizze saak de ferhâlding túsken de gemeente, en yn it foarste plak de boargemaster, en ús feriening skeint hat en dat it hjir mei rjocht set is. Wol binne wy fansels ynnommen dat de boargemaster ús folget yn dat gjinne wat der publisearre wurdt troch ús feriening.

Fan de werom stuit, dizze kear mar gjin Bestuurlijk. Wy moatte efkes bekomme fan de skrik.

## TOERTOCHT DOOR OUD-BARRADEEL

### OP ÂLDE MAAIE (12 MEI)

De voorbereiding is in volle gang om een toertocht te organiseren door het oostelijke deel van de oude gemeente Barradeel.

De toertocht wordt met een touringcar gereden, dus u zit comfortabel en kunt vanuit de bus genieten van de bijzondere plekken die voorbij komen. Een aantal 'specialisten' van onze vereniging zullen u onderweg vertellen over de geschiedenis en de wetenswaardigheden onderweg. Het is de bedoeling dat u voorafgaand aan de toertocht een boekwerkje krijgt met daarin de plekken waar we langs komen en waarin vooral oude foto's of afbeeldingen staan die corresponderen met wat we tegenkomen onderweg. U hoeft dus niets te missen.



### AANMELDEN

Via de bijgesloten kaart kunt u zich aanmelden. U bent vrij uw partner, vriendin of iemand anders mee te nemen.

Opstapplaats is in Minnertsgra bij het dorps huis De Boppeslach. Na afloop wordt u koffie/thee aangeboden met een heerlijk stukje Oranjekoek.

### KOSTEN

€ 12,50 per/persoon.

Aanmeldingen max. 58 personen.

Wees er snel bij!

## OUDE SCHOOLFOTO'S SEXBIERUM

Op het artikel over de oude schoolfoto's van Sexbierum reageerde ons lid Jan Gerlofsma met onderstaande reactie.

Justerjûn fûn ik jimme nijsbrief yn 'e brievebus. Dizze wurdt altyd fuorten'daliks lêzen, want earlik sein, is dit soarte nijs is eins folle moaier as it deistich nijs.

Boppedat haw ik der in protte bewûndering foar hoe moai de nijsbrieven of boekjes der altyd útsjogge en in ryk ferskaat oan artikels hawwe. Dit mei ek wolris sein wurde is myn betinkst.

De ferrassing stie dizze kear op de eiferside by it sjen fan de beide skoalfoto's. Fan Hemmo Antema hie 'k al trochkrigen dat ek de feriening Âld Barradiel twa skoalfoto's krigen hie, mar, sa wie de gedachte, dêr sille wy it fêst wolris op in lêzing oer hawwe. Doch nei't it artikel in pear kear lêzen wie koe ik it net litte om der daliks op te reagearjen.

In koart oersjoch fan Mettje van der Weg:

Mettje (wer't de foto's úteinliken wei komme) wie de âldste dochter fan Thijs en Ytsje, dy't beide yn Barradiel berne binne: Thijs Baukes van der Weg yn Furdgum op 30 augustus 1876, en Ytsje Dirks van der Mei op 9 novimber 1884 te Pipersbierrum.



Op 28 maaie 1914 hawwe hja de lapen gearsmiten, en in pear jier letter in stjelpke oan de Sweinserwei

(hjoed de dei nûmer 8) yn Peins kocht.

**\* Geboren METTJE, dochter van  
TH. VAN DER WEG en  
IJ. VAN DER WEG—VAN DER MEL.  
Peins, 4 Mei 1915.**

Mettje is dêr berne op 4 maaie 1915 en sy is ferneamd nei har beppe oan memme's kant: Mettje Hoogterp. Op 22 april 1920 kaam Akke op 'e wrâld; ferneamd nei Akke van Gelder, de beppe oan heite's kant.

Trije'nheal jier letter op 22 oktober, moasten de suskes harren heit ferlieze nei in raar ûngemak op syn fyts, dat sa kaam it stjelpplaatske op de buorden en is doe earne begjin 1924 kocht troch in sekere Michiel Dijkstra. Fia it kadaster is nei te gean dat dizze Michiel oant 1942 op it stee wenne hat en dat er, neffens in âld notuleboek, yn dat jier fertrokken is nei Seisbierrum. No wie myn fermoeden altyd, dat widdofrou Ytsje nei de ferkeap fan de stjelp har mei de twa famkes earne yn Peins te wenjen set hat, want op in (fan ús heit krigen) klassefoto fan de Peinser legere skoalle út 1926, komme wy Akke van der Weg noch tsjin. En ek op lettere berjochten en foto's komt hja noch wol foar.

### **BOELGOED te PEINS Dinsdag 24 Maart 1942.**

**Mr. K. BJLSMA, notaris te Franeker, zal op Dinsdag 24 Maart 1942, voorm. 11 uur (off. tijd), ten huize en ten verz. van den heer Michiel Dijkstra te Peins, wegens vertrek à contant verkoopen:**

**I. BOEREREEUW en GEREEDSCHAPPEN, hoofdz. bestaande in: hooiwagen, houten eg (2-paards), kruiwagen, bascule met gewichten, harken, vorken, griepen, bindstok, vóór- en achterbinden, roepelbank, bank, varkenstrog, sproeibus, eggeketting, ruiters, mestschoffel, rietsnijer, zeis, aardappelbakken, zeven, bieldollers, mesthekkel, mestplanken, houten en blikken emmers, paardedek, piekenstelp, sleg, bijl, slijpsteen, stallaarna, schepemmer enz.**

**II. MEUBELEN en HUISRAAD: Linnenkast, tafelstoel, secretaire, stoelen met leer en maten, 2 eikenh. tafels, kachel (haardmodel) en haardkachel, kast, marmeren pendule, reguleur, theestoof met ketel, petr.stel met ketel, kapstok met en zonder mat, parapluiebak, spiegels, groote trap, hanglamp, linnenrek, houten tobbe enz.**

**Een half uur vóór den aanvang te bezichtigen.  
Optielijsten verkrijgbaar, ook bij den oproeper GOSLINGA te Dronrijp.**

Hjir hâlde it - wat de famylje van der Weg oanbelanget - foar my op en haw der fierder eins ek gjin ûndersyk nei dien.

Mar mei dit artikeltsje en de skoalfoto fan Seisbierrum út 1924 omtrint Mettje van der Weg, kaam der fansels in nijsgjirrigens opsetten. Hjir moast ik mear fan witte. Nei wat sykjen hjir yn it doarpsargyf, op 'e kompjûter en net te fergjitten it ynternet, tink ik no dat Mettje nei it ferstjerren fan har heit in skoft by har beppe Metsje yn Pipersbierrum ûnderbrocht is. Sadwaande moast hja nei Seisbierrum op skoalle. Dit soe dan de link nei dizze klassefoto betsjutte kinne.

Fierders kaam fia in rou-advertinsje oan 't ljocht dat widdofrou Ytsje en Michiel Dijkstra trouw wiene. Yn hokker jier dat dit plak fûn hat is my net bekend, mar nei myn betingst koart nei't hja har earste man ferlear. Dit soe dus ferklearje kinne dat mem Ytsje en de famkes op it stee wenjen bleaun binne (of letter wer weromkommen binne). Dizze ûnderstelling kloppet dan ek wer mei wat ús heit - hy wie sawat like âld as Akke - wolris trochjûn hat dat Akke-edy op de hjirboppe neamde stjelp wennen.

Fan Michiel Hanses Dijkstra is bekend dat ek hy yn Barradiel berne is en wol te Tsjummearum op 13 maaie 1869. Michiel en Ytsje binne yn de oarloch út Peins wei nei Pipersbierrum tein. Nei alle gedachten binne hja dêr yn it hûs fan beppe Mettje lutsen.

Mettje, dy't hjir neffens my yn de boppeste rige yn 'e midden stiet, is sels ek yn it ûnderwiis bedarre. Sa't wy op de oare foto sjen kinne hat hja û.o. op 'e legere skoalle fan Hjerbeam kwekeling west.

Yn 1946 krige se in fêste oanstelling oan de legere skoalle yn Farmsum (Grinslân) en is dêr oant har pensjoen bleaun. Op 28 novimber 1996 is Mettje van der Weg ferstoarn. Hja is nea trout.

Tsja, wat in âlde skoalfoto út Seisbierrum al net nei boppe helje kin. . .

### **INTERIEUR VAN EENVOUDIGE SLAGERSWINKEL**

De slager pronkte graag met zijn slachtvee alvorens het werd geslacht. Vroeger was het een traditie dat de

slager, in de tijd voorafgaand aan Pasen, met een paaskoe door de straten liep. De slager trok dan met een vetgemeste en soms prachtig versierde koe door de buurt. Op die manier konden klanten zien wat voor een geweldige koe er zou worden geslacht. De bestellingen volgden dan bijna vanzelfsprekend. Het is al een heel oud gebruik dat in veel dorpen en steden plaats vond. Maar de dorpelingen wisten ook zonder deze traditie de slager wel te vinden, of misschien is het beter om hier te zeggen, de slager wist zijn klant wel te vinden. Want het was vroeger heel gewoon dat de middenstanders langs de deuren ging om de producten uit te venten of de bestelling op te nemen en vervolgens een dag later deze af te leveren bij de klant.

Meestal kocht de huisvrouw aan het eind van de week het vlees. Dat werd dan voor de zondag klaargemaakt en vervolgens raakte geleidelijk de week 'it vetpantsje' leeg. Zaterdag was het meestal bruine bonen eten of snert en de slager had zaterdagochtends de vleespakketjes voor de nieuwe week, verpakt in vetvrij papier, klaar liggen op de koude granieten vloer in de winkel.

Want een aantal klanten kwam iedere zaterdag om soort standaard bestelling op te halen. Maar de slager bezorgde de vleeswaren desgewenst ook thuis. Hij deed dat in een smetteloos witte kiel op een transportfiets met rieten mand voorop.



Bij het onderzoek naar de Wijnaldumer middenstand zijn verwijzingen en aantekeningen gevonden die er op wijzen dat het dorp in de 19de eeuw ook al een slager had. In oude stukken van 1847 blijkt er ene Herke Tjerks Bijlsma slager te zijn in het dorp. Dat zou moeten zijn geweest in het pand aan de linkerkant van de oude herberg aan de Buorren.

*Uit: Wijnaldumer middenstand en andere bedrijvigheid in de 20<sup>ste</sup> eeuw.*

### **Colofon**

Ledenadministratie : Gerrit Bouma (secretaris)  
Correspondentieadres : Reiddomp 17, 9101 HJ DOKKUM  
Telefoon : 0519-241409  
Email : barradeel@oudbarradeel.nl  
Website : www.oudbarradeel.nl  
Bankrekening RABO : 32.55.38.271  
Kamer van Koophandel : 4000368